

Algemien: Ik bin tige wiis mei de komst fan de Fryske taalwet. Nei myn betinken makket it ûnderdiel út fan de erkenning fan de Fryske taal, de lykweardigens en de lykberjochting en it emansipaasje proses dat it Frysk de lêste tsientallen jierren hieltyd konkreter trochmakket. Sawol yn Nasjonaal as yn Europeesk ferbân is der erkenning fan de eigen wearde dy't de "minderheidstalen" hawwe en sjocht men dat dit in belangryk part is fan de eigen identiteit fan minsken. Sa hat it hjir al iuwen west en sa sit dizze taal en identiteit by de minsken yn it hert. Grutsk wêze op jo taal hat sadwaande neat mei nasjonalisme út te stean, mar mei blydskip om't jo wêze meie wa't jo binne. Frysk is net allinnich fan "in lyts klupke djipfriezen". Yn myn doarp praat 80% Frysk, miskien noch wol mear. It is de taal fan ús allegear. As ik oan de buorfrou freegje oft ik wat meinimme moat út de winkel wei en hja seit "bôle, tsiis, sjerp en ierappels", mar jout my in briefke mei mei "brood, kaas, stroop en aardappelen" fielt dat hiel frjemd. Dat rekket jo identiteit, want Frysk is net nedich dêr hawwe wy ommers it Nederlânsk foar. Nee dus. Dat is no krekt net de lykweardigens dy't sa'n soad minsken hawwe wolle.

Jo hoege jo net langer foar jo taal te skamjen, in opfetting dy't ûnder âldere generaasjes noch withoefaak foarkomt. Frysk is net ûnfatsoenlik, boersk of minderwaardich mar talen binne lykweardich en der mei romte wêze om jo eigen taal te praten, te skriuwen of te brûken op hokfoar wize dan ek. Spitigernôch is taal noch gjin reden dêr't minsken, neffens de wet, op diskriminearje kinne. Eat dat yn de praktyk yn Fryslân seker wol bart. In soad tsjinarguminten geane oan boppesteande saken foarby, bygelyks yn opmerkings lykas "we zijn toch allemaal Nederlanders, maar ik woon toch op de eilanden of in de Stellingwerven, gaan mijn belastingcenten dan op aan nationalistische onzin, maar er zijn ook mensen van buiten de provincie die het niet verstaan, maar nu kan ik de overheid niet meer begrijpen" ensfh. It sil yndie in ynspanning fan guons freegje, mar tsjin nije saken hat altyd ferset west. Oer in skoftsje wit men net better. It Frysk moat ek net oerhearskjend wurde (en der moat each wêze foar net-Frysktalige plakken yn Fryslân) mar Fryslân moat folle mear twatalich wurde en it Frysk echt it plak jaan dat it fertsjinnet. It Frysk is in rykdom dy't der wêze mei, ek foar de oerheid. En net in bongel oan de poat. Twataligens is dernjonken goed foar de ûntwikkeling foar bern.

Wat de wet oanbelanget hoopje ik dat dizze Taalwet net de besteande wetjouwing no ynienen oerstallich makket. Ik ferwachtsje in goede oergong tusken dizze Taalwet en oare wetten of ôfspraken oangeande it Frysk. Ik hoopje ek dat de provinsje Fryslân tige belutsen wêze sil by de ynfiering fan de wet en in belied dat oangeande. En dat beide oerheden (Ryk en Provinsje) goed gearwurkje sille om ôfspraken nei te kommen. De erkenning yn de Taalwet foar de Bestjoersôfspraken Fryske Taal en Kultuer wiist wat dat oanbelanget yn de goede rjochting.

Harmen Akerboom  
Aldegea-W.